

[1626] Liuwe H. Westra, *Pionier foar it frysk. Libben en striid fan Tony Feitsma (1928-2009)*. Ljouwert (2022), Afûk, 720 pp. ISBN 978 94 93159 93 8.

Oan de ein kommen fan syn mânske biografy fan Tony Feitsma skriuwt Liuwe Westra dat er ‘de hiele Tony’ noch lang net te pakken krigen hat. ‘In pear spoaren’ fan har ûntwikkeling soe er folge ha, mar in hiel stik fan har libben moast er lizze litte. As foarbyld neamt er dan har netwurk yn ‘e wrâld fan de nasjonale minderheden en de rol dy’t Feitsma dêryn spile. Ek har relaasje mei famyljeleden dy’t wat fierder fan har ôfstiene – mar mei wa’t der wol kontakt wie – hie neffens him mear romte krije kind. As lêzer freget men jin ôf oft dy oanfoljende ynformaasje werklik noch wat nijs taheakje soe oan it byld fan Feitsma dat de biograaf opropt. Ik ha myn twifels en tink dat Westra mei syn stúdzje in yngreven en moai folslein byld jout fan de wittenskipper, de Fryske Beweger en seker ek de frou dy’t Tony Feitsma west hat. Mei in protte nijsgjirrige (en hiel wat nije) details. Bygelyks, om mar wat te neamen, hoe’t se as famke fan tsien jier foar harsels al in hiele deiyndieling opstelde of hoe’t se as studint yn Amsterdam sa sober mooglik libbe en alle dagen hiel krekt har ynkomsten en útjeften notearre.

Foar wa’t dizze ‘mater dolorosa fan Fryslân’ – in typearring fan dichter Jan Wymbenga – meimakke hat, komt der ek in protte bekends foarby. It heucht my dat ik ein jierren santich as studint skiednis mei byfak Frysk oan de RUG troch Feitsma frege waard foarsitter te wurden fan de Ynteruniversitaire Stúdzjerie Frysk, sy wie skriuwster. It moetingplak fan frisisten mei (gauris ynternasjonale) konferinsjes as spearpunt wie doe al sa’n tsien jier ûnderweis. As jong broekje seach ik earst bot by har op, mar ik rekke al gau thús mei har. Wy ha in pear konferinsjes organisearre dêr’t dy fan 1979 en 1981 – oer de Romantyk yn mindertallegebieten – my noch it measte fan bybleaun binne. Yn 1981 wie de konferinsje yn jeugdherberch Stania State yn Oentsjerk en der wiene sprekkers út ûnderskate minderheidsgebieten. Letter, doe’t ik in baan by de omrop krige, hâlden we kontakt. De lange tillefoanpetearen op de frjemdste tiden (jûns let, sneintemoarns) heuge my noch. In

soad koe yn sa'n gesprek op it aljemint komme: Tony Feitsma mocht graach oer fan alles en noch wat redendiele.

Nei de berte fan ús âldste soan hat se noch by ús west yn Bûtenpost om in pop-peslok. Ik fertel dizze oantinkens omdat Feitsma de namme hie net altyd sa noflik yn de omgong te wêzen, se koe wrantelich en o sa dwers wêze. Yn har wurk soe se somtiden muoite hân ha minsken njonken har te fernearen as har gelikense (sjoch bygelyks side 532). Faaks soe men har gedrach tsjintwurdich hast wat grinsoerskriedend neame, seker oan de universiteit. Yn alle gefallen pleatste se harsels dêrmei nochal ris yn in isolemint. 'In minske mei nuvere gritsen', skreau âldkollega Trinus Riemersma by har ferstjerren yn it *Friesch Dagblad*. Myn ûnderfining wie oars: se koe wol deeglik hiel belangstellend wêze. Mar kenlik siet ik yn it kamp dat goed mei har oerwei koe. Wat koene jo ek altyd mei har laitsje, se hie in grut gefoel foar humor dat jo net sa faak tsjinkomme yn Fryske fermiddens.

Westra folget libben en wittenskiplike karriêre fan Feitsma en benammen har rol yn de Fryske Beweging, lyk as sein, moai sekuer. Hy pleatst har yn de tiid en yn de Fryske kontekst: in protte Bewegingsskiednis en skiednis fan de frisistyk komt foarby. Dúdlik komt nei foaren de ûnbidige put wurk dy't se ferset hat, as wittenskipper en as fûleindich taalbeweger. Soks rint by Feitsma nammers gauris trochelkoar hinne. Al betiid stribbe se in wittenskiplike karriêre nei. Se wie in útblinker op it gymnasium yn Alkmaar, mei in hiel grut taalgefoel. 'We vonden Tony echt de allerknappste', seit har klasgenoat en lettere kollega-heelcleraar oan de VU, neerlandikus Margaretha Schenkeveld. Tagelyk wie se – opgroeiend yn in Fryske húshâlding yn de Wieringermar – 'fan har aard in beweger', o sa Frysksinlich. Kennis opdwaan en útdrage wie har libbenlang bedoeld om de mienskip te tsjinjen. De ynset foar de Fryske beweging en taal wie '(...) in wize om har libben yn tsjinst te pleatsen fan 'in heger doel' en tagelyk 'in feilich thús'. Mar Westra lit ek sjen hoe't se in libbenlang belutsen wie by de tsjerklike mienskip fan de menisten en hoe't it menisme har libben bepaalde. En al wie se ek wer gjin trochsneed menist, se fûn dêr oan de ein ta in thús.

Wat jin wat fernuveret – en wêr't de biograaf fierders ek net bot by stilstiet – is dat sa'n 'heechtûke' (dat is 'heechbejeftige') jonge frou, dy't al op jonge leeftyd aktyf dwaande is mei fan alles en noch wat, amper each liket te hawwen foar de oarloch om har hinne. Bygelyks foar it lot fan de joadske rektor Jacob Hemelrijk fan it Alkmaarder gymnasium. Hy oerlibbe úteinlik Sachsenhausen en Buchenwald. Foar Feitsma wie hy (seker letter) in foarbyldfiguer neffens de biograaf (side 193) - yn de jierren 60 túgt se syn boeken oan - mar hoe ûndergiene sy en de oare gymnasiasten dat de rektor op in stuit ôffierd waard? Men wurdt ek net folle gewaar oer it hâlden en dragen fan har âlden yn de oarlochsjierrren. Wiene der njonken de hongerevakuees Hans en Eelke Veldman en Henk Smit ek oare ûnderdûkers op de pleats yn de Wieringermar? Hoe wie winliken de relaasje tusken harren en de bern út de Feitsma-húshâlding? Hoe ûndergie Tony Feitsma sels it ûnder wetter setten fan de Wieringermar oan de ein fan de oarloch, mei sa'n protte materiële skea? Dat moat dochs hiel yngripend west ha? It wurdt yn algemiene termen be-

hannele: dat in protte polderbewenners faaks fûnen dat se ‘troch de oerheid net rekkene waarden’ en dat soks wer oanlieding jaan koe ta gefoelens fan minderwaardichheid en oarswêzen. En dat Feitsma der fan meikrige hat dat in minske kwetsber is. Mar men wurdt net gewaar wat it no krekt mei Feitsma sels die, ek al wurdt har oars as de oaren wêzen en it harsels hieltyd wer ôffreegjen wêr’t se no krekt by heart yn ferbân brocht mei har adolesinsje-jierren yn Alkmaar en Middenmar.

Westra stiet wiidweidich stil by Feitsma har ‘heechtûkens’ en besiket dêrútwei it nedige te ferklearjen fan har eigenskippen: ûnder oaren it fluch fan begryp wêzen en dat se dêrtroch yn steat wie in ûnbidich stik wurk te fersetten mei dêrby har grutte gefoel foar humor. Soksoarte fan problematisearjen en psychologisearjen yn in biografy is altyd nuodlik. Hiel wat fan dy as ‘heechtûk’ kwalifisearre bern groeie op ta lykwichtige persoanlikheden sûnder al te grutte problemen. Dat Feitsma op in stuit konsekwint Frysk prate en skreau (mei minsken fan bûten): is dat no werklik in eigenskip fan in ‘heechtûk’ bern sa’t Westra ha wol? En is dat gefoel foar rjochtfeardigens werklik in eigenskip dy’t benammen faak by ‘heechtûke’ persoanen foarkomt? Tony Feitsma wie oars net de earste fan de famylje dy’t ‘te studearjen gie’, sa’t Westra op side 21 skriuwt, want har âldste broer Feije studearre oan de Lânbouhegeskoalle yn Wageningen.

Westra neamt Feitsma yn syn ynlieding in ‘pitertuerlik minske, ien dy’t in soarte fan polarisaasje om har hinne teweï brocht’ (side 12). Dat is hast wat in understatement. Westra hat net in konflikt lizze litten dêr’t Feitsma by belutsen wie, der komt hiel wat foarby. Wat hat se har in libbenlang drok makke om in hiel soad saken, al dy strideraasjes yn ynstjoerde stikken en (letter) bygelyks yn har eigen tydskrift *Fryx*. As men dat libben en al dat hottefyljen allegearre kreas achter elkoar optsjinne kriget – Westra hat in flotte pinne – bekrûpt jin geregeld it gefoel: wêr giet dit eins oer? Sa’n brek mei immen as professor Jelle Brouwer (wer’t no krekt de oast siet yn dat konflikt wurdt net echt dúdlik), de ûnderskate kwestjes dy’t se hie mei oare foaroanmannen (it wiene meast manlju) yn de Fryske beweging - Lieuwe Hornstra en foar en nei in hiel soad oaren -, de staveringskwestje en neam mar op. Soms wiene it trouwens net iens hiele grutte saken dêr’t oer deliberearre waard, mar se koene enorm opblaasd wurde en wiene foar bûtensteanders amper mear te folgjen.

No sille takomstige skiedskriuwers soks miskien ek sizze fan al dat tsjintwurdige hottefyljen op *social media* of yn de tsientallen talkshows foar de televyzje. Tony Feitsma wie in soarte fan twitterder *avant la lettre* en hie yn dizze tiid faaks in baas blogger west. Gauris gekriuwel op de fjouwerkante sentimeter. It kin net oars of de tiid dy’t soks naam gyng ten koste fan it skriuwen fan grutter wittenskiplik wurk. Se die ek altyd tefolle dingen tagelyk. Nei har dissertaasje en wiswier allegearre nuttich wittenskiplik ûndersyk oer in grut ferskaat oan ûnderwerpen – se stie mei har publikaasjes yn heech oansjen – hat se spitigernôch gjin grutte monografyen mear neilitten. Nei har pensioen woe se har stoarte op in biografy fan Eeltsje Boates Folkertsma, in fergelykjend ûndersyk nei it Frysk en oare minderheids-

talen en in grammatika fan it Midfrysk (side 612). Dy boeken is jammergenôch neat mear fan op 'e hispel kommen. Wol publisearre se ûnder oaren artikels oer Joast Halbertsma as taalkundige, al waard ek dat net in tsjokke monografy (wol in bondel, nei har dea útkommen). Dat is miskien wol mei har grutste tragyk: dat fersnipele dwaande wêzen. As mooglike ferklearring komt by Westra ek hjir de 'heechtûkens' wer om 'e hoeke (side 582): 'It binne de eigenskippen fan in 'heechtûk' persoan dy't it har mooglik makke hawwe te dwaan wat se die, mar ek ûnmooglik om der mear fan te meitsjen.' Tsja, soe dat echt sa wêze?

Westra neamt syn biografy in 'wittenskiplike biografy'. Hy ferantwurdet feiten, barrens en sitaten. Op himsels in goede saak, mar om my hie dat wol mei wat minder takind. Hast in tredde fan it boek bestiet út noaten, mei dêryn in protte ynformaasje dy't er soms like goed yn de tekst sels ferwurkje kinnen hie. Al dy noaten dy't nei oare noaten ferwize of noaten mei: sjoch haadstik safolle, binne meast oerstallich. It pleatsen fan al dy noaten achter in haadstik makket it lêzen der ek net plesieriger op. Ik moast yn dit ferbân tinke oan wat prof. dr. Lou de Jong yn syn ferantwurdiging fan syn tolve dielen *Het koninkrijk der Nederlanden in de Tweede Wereldoorlog* nei foaren brocht: 'De Amerikaanse toneel- en filmspeler John Barrymore schreef eens (...) dat hij zo'n hekel had aan voetnoten. Het is, zei hij, alsof je tijdens je huwelijksnacht telkens de trap af moet omdat er gebeld wordt.' De Jong ferantwurdet yn de wittenskiplike edysje fan syn magnum opus wol deeglik sitaten en oare boarnen, mar it like him oerstallich om elke sin dy't er opskreau mei in boarne te ferantwurdzjen, dat wie net te dwaan. Minsken dy't alles krekt neigean woene moasten syn bakken mei fysjes der mar op neislaan. Dy wiene allegearre bewarre.

Ta beslút. Tony Feitsma mocht oaren graach as pommerant oantsjutte en dielde har tsjinstanners yn de wittenskiplike wrâld of de wrâld fan de Fryske Bewegers gauris yn by it kamp fan it establishment. Mar op in stuit wie der fansels net ien mear *established* yn Fryslân as Feitsma sels. Se hat yn har libben hiel wat berikt, wie professor, is hulde brocht by ferskate gelegenheden en de útjefte fan har biografy is in kreas en nochal prestisjeus boek wurden. By de oanbieding fan it boek die bliken dat der noch hiel wat minsken binne dy't har wakker adoreare, ynklusyf de kommissaris fan de Kening. It wie Tony foar en Tony nei.

Yn ús kontakt is it noait ta 'do' en 'Tony' kommen. Dat giene wy út 'e wei. Neffens my wie dat ek sa mei de biograaf dy't har yn guon kwestjes meimakke hat. It komt dêrom nochal frjemd oer dat de haadpersoan fan dizze biografy konsekwint by de foarnamme neamd wurdt, dat jildt nammers ek foar in tal oare minsken: Henk Meijering, Alex Riemersma. Dat is nochal ûngebrûklik yn in wittenskiplike biografy. Der hie wat dat oanbelanget wol wat mear ôfstân wêze mocht.

Geart de Vries
geartdevries@chello.nl